

JIERFERSLACH

SELSKIP

2 0 1 5



FOAROPWURD

It “Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse”

De skiednis fan it Selskip giet tebek oant 1844. Trije grutte mannen as Sytstra, Dykstra en Van Loon wiene fan betinken dat de Friezen bêst foar har eigen taal útkomme meie. Yn earsten wiene der fiif doelen: - it skriuwen fan Fryske stikken, - it útjaan fan Fryske stikken, - it hâlden fan foarlêzingen, - it oanlizzen fan in boekesamling en - it belizzen fan kritegearkomsten (as it Selskip grutter wurde soe).

Hjoed-de-dei wurdt de doelstelling fan it Selskip û.o. helle middels it organisearjen fan it Provinsjaal Projekt Foarlêzen yn it Frysk oan pjutten op pjutteboartersplakken en bernedeiferbliuwen.

Ek de Krite dogge alle war de Fryske taal en kultuer fuort te sterkjen. Dat bart op ferskate manerean. Aktyf en passyf genietsje fan Frysktalich toaniel, kabaret, ensafuorthinne. Stúdzje meitsje fan de Fryske taal, literatuer en skiednis of sprekkers dêroer oanharkje. Der is in krite mei in eigen dûnsploech, wêr't foaral âlde dûnsen oan bar komme.

Bestjoer Selskip.

It Haadbestjoer

Op 1 jannewaris 2015 wie it haadbestjoer fan it Selskip 1844 sa gearstald:

Foarsitter: Hear A.W. Wijbenga, Foarwei 1, 9294 KC Aldwâld
0511-431207

Skriuwer: Hear K.R. Kuipers, Willem Loadewykstrjitte 115, 8933 BL Ljouwert
058 – 2125383

Skathâlder: Hear A.W. Wijbenga, Foarwei 1, 9294 KC Aldwâld
0511-431207

Lid: Mefrou G. Schuiling- van der Meer, Mr. Verwerstrjitte 4, 8431 AE
Easterwâlde, 0516 - 515737

Lid: Mefrou A.M. Douma, Tsjerkebuert 11, 8805 TH Hitsum,
0517 – 452744

Lid: Mefrou Cl. van der Sluis – Ytsma, Gauke Boelensstrjitte 91,
9203 RK Drachten, 0512 – 510424

Kandidaat lid Mefrou G. Beenen, Wâldsingel 63A, 8443 DL It Hearrenfean,
0513 - 631031

Administrateur: Mefrou T.v/d. Woude – v/d. Schaaf, Moezel 222, 9204 EM Drachten,
0512-510836

Korresp.: Willem Loadewykstrjitte 115, 8933 BL Ljouwert
e-post: k.kuipers1938@kpnmail.nl

Fertsjintwurdiging Selskip yn:

IFAT Hear A.W. Wijbenga, Foarwei 1, 9294 KC Aldwâld
0511-431207
Hear K.R. Kuipers, W. Loadewykstrjitte 115, 8933 BL Ljouwert
058-2125383

Ried fan de Fryske Beweging

Hear K.R. Kuipers, W. Loadewykstrjitte 115, 8933 BL Ljouwert
058 - 2125383
Hear A.W. Wijbenga, Foarwei 1, 9294 KC Aldwâld
0511-431207

Kommisje Foarlêzen Selskip

Dizze Kommisje is yn it libben roppen troch it Selskip.

Leden: Mefrou G.J. Frieswijk (foarsitter), Mûneleane 26, 8454 KJ Mildaam,
0513-632989
Mefrou A.M. Douma, Tsjerkebuert 11, 8805 TH Hitsum,
0517-452744
Mefrou T. van der Woude – van der Schaaf, Moezel 222,
9204 EM Drachten, 0512 – 510836

Gearwurkingsferbân

Foarhinne hie it Selskip in gearwurkingsferbân mei it Frysk Boun om Utens en tegearre waard it Nijsbrief útjûn. Tsjintwurdich giet alles digitaal. It Nijsbrief bestiet net mear. Alle Nijs wurdt op de hiemside set fan it Boun.

www.fryskbutenfryslan.nl

Der is in *link* nei Boun en Selskip 1844.

1. Wat is en docht it Selskip.
Winterprogram
2. It Frysk Amateur Toaniel

Klikt men ien fan dizze ûnderwerpen oan, dan komt de byhearrende tekst yn byld.
Mefrou Alie Douma hat tasein om de gegevens fan it Selskip te ferfarskjen.

De hiemside fan It Frysk Boun om Utens hat begjin 2014 in oanpaste yndieling krigen.

Adressen deistich bestjoer oansletten kriter

Foarsitter

Skriuwer

Skathâlder

1.

Krite “Drachten”

De hear J. Veenstra
Bruinslotstrjitte 63
9203 RZ Drachten
till.: 0512 – 522190

Mefrou C. Van der Sluis-Ytsma
Gauke Boelensstrjitte 91
9203 RK Drachten
till.: 0512 – 5104224

Mefrou A. Annema-Annema
Sydwende 72
9204 KG Drachten
till.: 0512 - 517079

2.

Krite “Easterwâlde”

De hear A. Veenstra
‘t East 22
8431 LJ Easterwâlde
till.: 0516 – 523128

Mefrou Tr. Van Berkum – de Boer
de Muijnhorn 14
8431 BJ Easterwâlde
till.: 0516 – 850186

De hear J. Kort
Leegemaad 3
8431 TS Easterwâlde
till.: 0516 – 520018

3.

Krite “Hearrenfean”

De hear Kl. Krist
Pastorieleane 8 app. 302
8441 AA It Hearrenfean
till.: 0513 – 621497

Mefrou A. Truijens - Veenstra
Havikshorst 5
8446 KV It Hearrenfean
till.: 0513 - 610207

De hear A. Bakker
Tjepkemastrjitte 33
8441 CD It Hearrenfean
till.: 0513 – 628346

4.

Krite “De Lemmer”

De hear J. de Vries (stoarn yn 2015)
Nije Buorren 4
8531 EE De Lemmer
till.: 0514 – 561638

skriuwerskip wurdt
tydlik waarnommen
troch de foarsitter

Mefrou T. Loonstra – Groenhof
Frouwesân 4
8531 LW De Lemmer
till.: 0514 – 564373

5.

Krite “Ljouwert” is yn 2014 opheven

6.

Krite “Trynwâlden”

Mefrou B. de Vries
Gysbert Japiksstrjitte 5
9061 BT Gytsjerk
till.: 058 – 2664878

De hear Fr. van der Werff (stoarn yn 2015)
Van Sminiawei 5
9064 KA Aldtsjerk
till.: 058 – 2561772

De hear U. Bakker
Sanjesreed 1
9062 EK Oentsjerk
till.: 058 – 2562914

Nei it ferstjerren fan Freerk van der Werff
hat Hedwig de Roos it skriuwerskip oppakt
Staniasingel 29
9062 GL Oentsjerk
Till.: 058 - 2563971

<p style="text-align: center;">Op de Algemiene Gearkomste fan 14 april 2015 yn restaurant ‘De Trochreed’ te Readtsjerk</p>

- Jierferslach / Jierrekken ôfrûne jier
Antwurd op de fraach hokker doelen it Selskip neistribbet:
de foarsitter jout in stikje skiednis fan it Selskip en elts fynt dat we mear gebrûk
meitsje moatte fan de Fryske taal.
- Begrutting kommend jier
- It Ferslach fan de Fryske Foarlêswike 2014 en de fuortgang wurdt taljochte troch
mefrou Alie Douma. Foarop stiet: it stimulearjen fan it lêzen en foarlêzen, dus hoe
mear lêze en foarlêze, hoe leaver. De 12de Fryske Foarlêswike wie wer in sukses.
Der is omtinken foar in protte publisiteit.
- Dit jier gean we foar it earst nei Skiermûnseach. Tomke is oerset yn it
Skiermûnseachs en dêrmei wurdt it doel meartaligens, wichtich foar de Provinsje,
berikt.
- Dit jier is de Foarlêswike fan 1 oant en mei 5 juny en it tema is “Hoi Tomke”.
- Yn in grut tal gemeenten is it slagge in saneamde **lûker** (boargemaster, keunstner,
sjonger, toanienspiler, wethâlder en sa mear) te freegjen om ek mei foar te lêzen.
Hjirtroch krige it Foarlêspanje ekstra oandacht yn de gemeentlike / regionale en
provinsjale parse: kranten en Omrop Fryslân.
De seal is ûnder de yndruk fan it Foarlêspanje.
- Deputearre Sietske Poepjes is troch de Foarlêspanje oansocht om de
Foarlêspanje te iepenjen yn Noardwâld (Noordwoolde) om foar te lêzen yn it
Stellingwarfs
- Mefrou C. Van der Sluis – Ytsma wurdt ûnder hansjeklap beneamd as lid fan it
Selskip.
- Goed foarbyld docht folgjen.
- Mefrou G. Beenen fan it Hearrenfean wol aspirant bestjoerslid wurde. Krite
Hearrenfean is no ek wer fertsjintwurdige yn it Selskip.
- De hear Yde Jonker, âld skriuwer fan de krite Ljouwert, hat him opsmitten ta
koördinator fan de Anjeraksje fan it Prins Bernhard Cultuurfonds
- Mei noch in pear kollektanten sil besocht wurde om de kas fan it Selskip te
spekken
- Yn jannewaris is der in bedankbrief nei gemeente Ljouwert ta gien, want it byld
fan Eeltsje Halbertsma te Grou is opkreaazje.
- Dat byld hat it Selskip der yn 1903 delsette litten en de soarch is oerdroegen oan
de gemeente Boarnsterhim.
- Yn maart is it grêf fan Gerben Colmjon op de âlde begraafplaats opkreaaze oan de
Spanjaardleane te Ljouwert troch tadwaan fan Leo van der Laan,
monumintesoarger fan de gemeente Ljouwert.

Sjoch fierder it ferslach fan dizze Algemiene Gearkomste.

Bestjoersgearkomsten fan it Selskip

Der binne bestjoersgearkomsten west op 8 jannewaris, 19 maart en 17 septimber. De gearkomsten wiene wer by Dries Wijbenga oan hûs. De bestjoerders koene wer in berop dwaan op de adviseurs: Geeske J. Frieswijk en Tineke van der Woude – van der Schaaf.

Us administrateur Tineke van der Woude – van der Schaaf ferdútst de finansjele sitewaasje fan it Selskip.

Punten fan besprek op de bestjoersgearkomste wiene:

- Opkreaazjen grêven yn bewâld fan it Selskip
- Binne hjir stipers foar te finen?
- Kontakt mei Frysk Genoatskip om stipe út Frysk Underwiisfûns
- It Selskip hat de ANBI status (op de hiemside fan it Frysk Boun om Utens)
- Oersjoch besite Krite
- Regelje Algemiene Gearkomste Trynwâlden
- Fuortgong en evaluaasje Projekt Foarlêzen
- Anjeraksje yngean op útstel Yde Jonker
- Ynsjoch jildsaken
- Jierferslach / Jierrekken
- Begrutting kommende jier
- Oprop foar e-post adressen foar it Frysk Boun om Utens

Opheffing Fryske Krite de Lemmer

Op tongersdei 7 maaie waard der in algemiene ledegearkomste fan de Fryske Krite de Lemmer holden yn “ it Baken” op de Lemmer.

Troch it ferstjerren fan de foarsitter, dhr. Joh.de Vries, it weromrinnend ledetal en in tè lyts besikersoantal op de jûnen yn it winterskoft, hat it oerbliuwend bestjoer besletten harren bestjoersfunksje del te lizzen en de Fryske Krite op te heffen mei yngong fan 1 septimber 2015.

Nei it foarlêzen fan it jierferslach fan ôfrûne winterskoft, it ferslach fan de skathâldster en de kaskommisje, giene de oanwêzige leden akkoart mei it opheffen fan de Krite.

Neidat de jildsaken ôfwikkele binne, sil foar it oerbliuwende jild in passende bestimming fûn wurde.

It Fryske Krite bestjoer betanket eltsenien foar de moaie jierren dy’t wy meiinoar belibbe ha.

Tilly Loonstra

WURK EN AKTIVITEITEN FAN IT SELSKIP

FOARLÊZEN YN IT FRYSK OAN PJUTTEN

Skiednis yn jiertallen

Yn 2002 is it Selskip útein set mei nije aktiviteiten. Ien dêrfan is it foarlêzen oan pjutten.

It Selskip hat dêrta in kommisje ynsteld: De Kommisje Foarlêzen Selskip.

Yn 2003 is de foarlêsdei Provinsjaal organisearre. It is bjusterbaarlik oanslein!

Yn 2004 is it projekt útgroeid ta in Foarlêswike. As de sitewaasje der sa hinneleit en sjoen de reaksjes fan entûsjaste bern en folwoeksenen moatte we trochgean.

Yn 2005 hawwe in tal bernedeiferbliuwen ek oansluting fûn by it projekt, sadat it tal foarlêsplakken in fikse útwreiding ûndergien hat.

Yn 2006 hat it Foarlêspanje fan it Selskip him jitrisk útwreide.

Yn 2007 fiere we in lustrumjier. De Kommisje Foarlêzen Selskip organisearret it Foarlêspanje no foar it fyfde jier en it docht noch hieltyd fertuten.

Yn 2008 is it projekt útwreide mei de Stellingwerven. Yn East – en Weststellingwerf wurdt foarlêzen yn it Stellingwerfs. En it is slagge twa kontaktpersoanen te finen.

Yn 2009 is der wer útwreiding fan pjutten, foarlêzers, pjutteboartersplakken, berne- deiferbliuwen en kontaktpersoanen.

Yn 2010 komt yn de gemeente Ljouwert it foarlêzen oan pjutten fan de grûn.

Yn 2011 is it slagge om yn Ljouwert foar te foarlêzen op rom 40 lokaasjes en troch 36 gastâlders.

Yn 2012 hat de Fryske Foarlêswike jitrisk foar útwreiding soarge.

Yn 2013 is der noch mear flecht op 'e koai. Troch sa'n 500 foarlêzers en sa'n 60 gastâlders wurdt foarlêzen oan rom 12.400 pjutten.

It Ferslach Fryske Foarlêswike 2014 kaam út yn in nije foarmjouwing. Dat is tige wurdearre troch û.o. de kontaktpersoanen, foaral omdat der mear foto's yn kleur ynstiene.

Yn sifers 2014: Foarlêzen oan 12.400 pjutten, ynklusyf 500 ukken fan de Stellingwerven, troch 500 foarlêzers en rom 250 gastâlders wurdt foarlêzen. Yn it Bildt is ek foarlêzen út in Bildts boekje.

Der binne in 16.400 Fryske Tomke boekjes te plak brocht, 1000 Bildtse Tomkeboekjes en 1000 Stellingwerfse.

Yn it Foarlêspanje binne 50 kontaktpersoanen aktyf, mei dus in 500 foarlêzers en rom 250 gastâlders.

Yn 2015 is foarlêzen oan in 12500 pjutten, ynklusief in 450 ukken yn de Stellingwerven, troch 520 foarlêzers en 550 gastâlders. Yn 2015 ha 51 kontaktpersoanen aktyf west.

DE FRYSK FEARLESWIKE

No al wer foar de 13de kear wurdt de Fryske Foarlêswike organisearre.

Yn 2003 waard fan te foaren noch útgien fan in foarlêsdei, nei ien jier wie al dúdlik dat it Projekt Foarlêzen by lange net yn ien dei beflapt wurde koe.

De tarin en it entûsjasme wie fuortendaliks grut en pjutteboartersplakken hawwe op woansdei gjin groep: kin it foarlêzen ek op in oare dei?

Pjutteboartersplakken hawwe wol in groep op woansdei, mar ek noch in groep op in oare dei: kin der ek foarlêzen wurde oan dy groep? Of noch in tredde groep ek?

De foarlêzer sit ‘fol’ op woansdei, mar wol wol komme foar in oare groep op in oare dei, sels wol yn de kommende wike.

Koartsein, binnen de koartste kearen wie der in ‘**foarlêswike**’ berne.

Om’t de Kommisje Foarlêzen Selskip wurket mei in gemeentlike / wurkgebiet oanpak en útwurking, kinne kontaktpersoanen nei eigen frijheid hannelje en yndiele, derta ha hja mei de Foarlêswike mear romte en earmslach.

Foarop stiet: it stimulearjen fan it lêzen en foarlêzen, dus hoe mear lêze en foarlêze, hoe leaver. En ‘hoe mear, hoe leaver’, is der lêzen en foarlêzen yn de “Fryske Foarlêswike”.

It folsleine Ferslach Fryske Foarlêswike 2015 kinne jo opfreegje by de skriuwer fan it Selskip.

EARESTIENTEN, GREFTEIKENS, GREFSARKEN EN GRÊVEN

Tinkboek: “In folk, dat syn greate mannen net earet, is se net wurdich”.

Hoe komt it dat it Selskip behelle is by Earestienten, Grêfteikens, Grêfsarken en Grêven?

De skiednis fan ien en oar is wêrom te finen yn it **TINKBOEK** fan it “Hûndertjierrich bistan fan it Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse“ 1844 – 1944.

“It Selskip kent in lange en rike histoarje, mei gâns wichtige mannen yn it bestjoer, dy en safolle oare dy sa’n protte foar de Fryske tael dien hawwe, binne wurdich nea forgotten to wurden. “

It Tinkboek sels stelt de fraach en jout it antwurd:

“Hwat hat dochs de reden west, dat it Selskip foar Fryske tael der ta oergien is om in eareblyk foar harren op te rjuchtsjen?” En dat andert kin dan net oars wêze as: “It oprjuchtsjen fan dizze tinkstiennen hat útslutend ta’n doel hawn ús âlde sprake to earjen en de âlde fryske beam nije soppen ta to foegjen. En dat ús earestienten der jit in lange rige fan jierren fan tsjûgje sille hoe’t it Fryske Selskip syn greate mannen earet”.

It Selskip hat “op eigen manneboete of yn ‘e mande mei oaren “ oprjochte:

1. Earestiennen (Earestienten)
2. Grêfteikens (Grêfteikens)
3. Grêfsarken en
4. Grêven yn eigendom en/of yn ûnderhâld.

Wa wiene dy grutte mannen en wat wie harren betsjutting foar de Fryske taal en it Selskip.

1. EARESTIENNEN

1. De stiennen (kopstikken) yn ‘e gevel fan it bertehûs fan de bruorren Halbertsma te Grou. Foar dr. Eeltsje Hiddes Halbertsma yn 1875 en dûmny Joast Hiddes Halbertsma (1e Earelid fan it Selskip) yn 1879, Frysk skriuwers en dichters.

It eigendom fan de stiennen is oergien oan it Ryk.

2. It dr. Eeltsje Hiddes Halbertsma byld te Grou yn 1904.

Yn 1995 is de soarch foar it byld by de gemeente Boarnsterhim lein.

3. De gevelstien yn it bertehûs fan Gysbert Japiks te Boalsert yn 1908, grutste Fryske dichter:

“in berch yn it leechlân”. It Selskip hat de stien yn ûnderhâld.

4. De Waling Dykstra tinkstien te Ljouwert yn 1916, Frysk folksskriuwer en dichter, foarsitter en Eare- foarsitter fan it Selskip, einredakteur earste folsleine Fryske Wurdboek – trije dielen. It eigendom waard oan it stêdsbestjoer fan Ljouwert oerdroegen.

5. It Piter Jelles Troelstra earestiente te Stiens yn 1933, Frysk dichter. It earestiente is oerdroegen oan de gemeente Ljouwerteradiel.

2. GRÊFTEKENS en 3. GRÊFSARKEN

Der is ûnderskie makke tusken grêftekens en grêfsarken. De earste binne oprjochte fan it Selskip, dat der foar soarge hat, dat de ferstoarne ek fan de neiteam net fergetten wurde soe; de twadde binne oprjochte fan de famylje fan de ferstoarne en letter troch it Selskip oernommen.

De grêftekens oprjochte troch it Selskip binne:

1. It earestiente op it grêf fan Gerben Pipers Colmjon te Ljouwert yn 1885, skriuwer en samler fan it Selskip
2. It earestiente op it grêf fan Jacobus van Loon Janssoan te Wommels yn 1907, Frysk skriuwer, mei oprjochter fan it Selskip, skriuwer, foarsitter (34 jier) en Eare-foarsitter
3. It earestiente op it grêf fan Tsjibbe Gearts van der Meulen te Burgum yn 1907, Frysk folksskriuwer en dichter, Earelid fan it Selskip

De grêfsarken dy't eigendom fan it Selskip binne, moat men sykje op de tsjerkhôven te:

4. Baard, op it grêf fan Harmen S. Sytstra yn 1862, Frysk skriuwer, dichter en mei oprjochter fan it Selskip
5. Readuzum, op it grêf fan Alle Jans Smeding yn 1902, Frysk skriuwer, ien fan de âldste en foarste leden, Earelid en skathâlder (29 jier) fan it Selskip
6. Hallum, op it grêf fan Meindert Rozenga yn 1928, Frysk skriuwer / strider
7. Ryptsjerk, op it grêf fan Auke Boonemmer yn 1937 , Frysk skriuwer

Tinkteken Tsjoard Velstra, te Jelsum yn 1919, Fryske toanielskriuwer (tinkteken yn ‘e mande mei it Ljouwerter toanielselskip).

4. GRÊVEN

It Selskip hat it eigendom en/of it ûnderhâld fan de grêven te:

1. Baard, fan Harmen S. Sytstra
2. Hallum fan Meindert Rozenga,
3. Ryptsjerk fan Auke Boonemmer
4. Burgum fan Tsjibbe Gearts van der Meulen
5. Burgum mefrou Grietje Peereboom, widdow fan Tsjibbe Gearts

Yn 2004 is it Selskipbestjoer by alle earestiennen en grêven lâns west om ris te sjen hoe alles der hinne leit.

Fan dizze tocht is ferslach makke: Ferslach fan de Ynspeksjetocht op 18 maaie 2004.

Binne jo fierder ynteressearre dan kinne jo in wiidweidich ferslach fan de Ynspeksjetocht opfreegje by de skriuwer fan it Selskip.

Yn 2013 is it grêf fan Meindert Rozenga yn Hallum opkreaze.

Yn 2015 is de tinkstien fan Halbertsma te Grou opkreaze troch de gemeente Ljouwert.

Ek de stien fan Gerben Colmjon op de âlde begraafplaats oan de Spanjaardsleane sjocht der no better út.

“Koninklijke Bibliotheek” te De Haach

De Keninklike Bibleteek te De Haach hat it bestjoer frege om it Ferslach fan de Fryske Foarlêswike fan 2012 op te stjoeren. De Kommisje Foarlêzen hat fuort-en-daliks de jiergongen fan 2012, 2013 en 2014 ta ús beskikking steld.

No pronkje dizze útjeften yn de argiven fan de Keninklike Bibleteek, wêr't mear publikaasjes fan frijwilligers organisaasjes in plakje fûn ha, njonken de publikaasjes fan de Steat.

Kontakten nei bûten ta

Yn it jier 2015 hat it Selskip mei in tal organisaasjes in petear hân oer gearwurking en it oanheljen fan de bân. Kontakten wiene der mei:

- I F A T (It Frysk Amateur Toaniel)
ûnder oaren oer de jierlikse bydrage fan it Projekt Foarlêzen oan pjutten
- A F U K (Algemiene Fryske Underrjocht Kommisje)
ûnder oaren it gearwurkingsprojekt Foarlêzen oan pjutten
- FRYSK BOUN OM UTENS
ûnder oaren oer gearwurking, jildsaken en de hiemside.
- TRESOAR
bywurkje argyf fan it Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse
- FRYSK GENOATSKIP
Kontakt oer it Underwiisfûns

S l o t

Oan de ein fan dit jierferslach sprekt it haadbestjoer fan it Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse har tank en wurdearring út oan Kommissjes / wurkgroepen, ynstânsjes en alle persoanen dy't der foar soarge hawwe, dat it wurk fan it Selskip yn har 171ste besteansjier fuortgong fine koe.

Ljouwert, maart 2016

A.W. Wijbenga, wnm. foarsitter
K. R. Kuipers, skriuwer

Bylagen

1. Berjochtjouwing yn 2015 oan de oansletten Krite
2. Buorkundichheid (P.R.) en publisiteit Selskip
3. Skema op Besite by de Krite 2014/ 2015
4. Skema op Besite by de Krite 2015 / 2016
5. Jierrekken Selskip 2015



BYLAGE Nû 1

Berjochtjouwing oan de oansletten Krite:

31 jannewaris	Oanbieding 3 ferslaggen Fryske Foarlêswike 2014
7 april	AG stikken per post ferstjoerd
7 april	AG stikken digitaal ferstjoerd
8 july	Oantrún Winterprogram 2015 – 2016
1 septimber	Bondele Winterprogram 2015– 2016
20 desimber	Kryst- en Nijjerswinsk
Hiele jier	Ferskate digitale poststjoeringen oer Fryske kulturele saken, benammen fan de Ried fan de Fryske Beweging, û.o. It Nijs, mar ek fan Tryater en Keunstwurk.



BYLAGE Nû 2

Buorkundichheid (P.R.) en Publisiteit Selskip

- | | |
|----------------------|--|
| 1. begjin jannewaris | Nei hiemside: www.fryskebeweging.nl is gien: <ol style="list-style-type: none">1. Wat is en docht it Selskip fan 1844?2. Winterprogram 2014 – 2015 |
| 2. febrewaris | Fryske Steate fraksjes krije it Ferslach fan de Fryske Foarlêswike |
| 3. maart | brief Yde Jonker – wol kollektarje foar Anjerfûns
In part fan it kollektejild komt oan it Selskip ta. |
| 4. maart | Bohn Stafleu van L gegevens Selskip wurde bysteld
yn harren ensyklopedy / almanak |
| 6. juny | Ferslach 28 maart IFAT |
| 7. desimber | Nijjerswinsk oan relaasjes en goekunde |

Skema op Besite by de KRITE 2014 - 2015									
Aktiviteiten Kritten									
KRITE									Fertsjint wurdiging
Moanne	sept.	okt.	nov.	des.	jan.'15	febr.'15	mrt.'15	april'15	Bestjoer Selskip
De Lemmer	23 AG		1 JA & MG		20 kofje	24 Ite	7 Tryater		Dries + Kees
			28 Tryater						
Drachten		31 AG		12 Auke Z	16 sjong	14 toaniel	28 ite		Gerda + Alie
							Lytse Teake		
Easterwâlde	19 Boek	24 Hylke	27 Tryater		10 AG	20 toaniel	20 JA & MG	reiske	Dries + Kees
					High Tea				
Hearrenfean		17 Teake	19 Fokke		9 ite	13 toaniel	18 kofje	15 AG	Dries + Kees
Trynwâlden		9 AG	16 kofje		11 slokje		1 kofje	19 konsert	Gerda + Alie
		Bonne S.							

Skema Op Besite by de Krite 2015 – 2016										
Aktiviteiten Krite										
K R I T E										Fertsjint wurdiging
Moanne	sept	okt.	nov.	des.	jan.'16	febr.'16	maart'16	april '16	maaie'16	bestjoer Selskip
DRACHTEN		30 AG FdJ		11 kabaret		11 ?	18/19 ITE			Geeske B. en Claartje
EASTERWALDE		18 boek	23 Bonne	20 Peen		23 AG + m	toaniel	25 N + A	28 reiske	Dries en Kees
HEARRENFEAN			9 kabaret	18 lêzing		8 miel	12 toaniel	16 kofje	13 AG + D	Dries en Kees
TRYNWALDEN		8 AG + JO	15 kofje		10 slokje		13 kofje	17 muzyk		Alie Douma en Dries
1. Krite Drachten hat noch neat oanlevere		hat mei it lêste skip (15/09'15) har gegevens oanlevere.								
2. Krite Trynwâld		en hat gjin AG neamd. Dy ha ik der mar ynset.								

BYLAGE Nû 4

Selskip Balâns op 31 desimber 2014				
Aktiva				Passiva
Bank	€ 3.277,92		Foarlêsprjekt	€ 1.000,00
Rinte 2014 noch te ûntf.	€ 36,18		Reiskosten Bestjoer	€ 300,00
Ofr.Subs.IFAT 2013 noch te ûntf.	€ 250,00		Kaptaal	€ 4.164,10
Subsydzje IFAT 2014	€ 1.900,00			
Totaal	€ 5.464,10			€ 5.464,10
Selskip Balâns op 31 desimber 2015				
Aktiva				Passiva
Bank	€ 3.167,98		Foarlêsprjekt (noch betelje)	€ 500,00
Rinte 2015 noch re ûntf.	€ 20,86		Reisk. Bestjoer (noch betelje)	€ 300,00
Subs.IFAT 2015 noch te ûntf	€ 1.700,00		Kaptaal	€ 4.088,84
Totaal	€ 4.888,84			€ 4.888,84
It saldo op de rekken Jubileumfûns op 31-12-2015			€ 744,30	
Aldwâld, april 2016			Ut namme fan it bestjoer:	
			A.W. Wijbenga, foarsitter	
			K.Kuipers, skriuwer	
Opmakke troch:				

C.J van der Woude - van der Schaaf, adm.			
--	--	--	--

BYLAGE Nû 5

Selskip Eksploitaasjerekken 2015		
	Baten	Lêsten
Ynlagen Krite	€ 857,00	
Rinte sparrekken	€ 20,86	
Subsydzje Provinsje Fryslân	€ 7.500,00	
Subsydzje Gem. Ljouwert	€ 3.000,00	
Subsydzje IFAT	€ 1.700,00	
Anjercollecte	€ 332,00	
Burokosten		€ 335,36
Kosten Gearkomsten		€ 80,00
Reiskosten Bestjoer		€ 217,00
Grêfrjochten		€ 86,25
Ferskaat		€ 130,00
Foarlêspanje		€ 12.636,51
Eksploitaasje tekoart	€ 75,26	
	€ 13.485,12	€ 13.485,12
Kaptaal op 1 jannewaris 2015	€ 4.164,10	
Eksploitaasje tekoart		75,26
Kaptaal 31 desimber 2015	€ 4.088,84	
Aldwâld, april 2016	Ut namme fan it bestjoer	
	A.W. Wijbenga, foarsitter	
	K.Kuipers, skriuwer	
Opmakke troch:		
C.J. van der Woude-van der Schaaf, adm.		

Taljochting op Balâns en Eksploitaasjerekken Selskip oer 2015

Balâns 31 desimber 2015

Op de Balâns is foar it Foarlêsprojekt € 500,-- as skuld opnaam, fanwege trochritten yn it oare jier.

It eksploitaasjetekoart is ten leste fan it kaptael boek.

De fûnsrekken foar jubilea is tanaam mei in bytsje rinte.

Eksploitaasjerekken 31 desimber 2015

It weromrinnen fan it ledental is en bliuwt in punt fan soarch. No't De Lemmer ek weifallen is, wurdt it foar it bestjoer moedsum om de saakjes foarelkoar te krijen. Lokkig krigen we ek wer dit jier in part fan de kollekte fan it Anjerfûns yn Ljouwert.

De rinte fan de bank stelt net folle mear foar.

De burokosten binne heger as begrutte, in part fan de losten fan IFAT/BSF binnen hjir yn ferwurke.

De gearkomstkosten wiene dit jier leger.

Mei de reiskosten fan it bestjoer koene we dit jier ut.

It Foarlêsprojekt wie dit jier lyk as oare jierren wer in grut sukses en giet it kommende jier ek wer troch. It tal pjutteboartersplakken en bernedeiferbliuwen wat meidocht oan it foarlêzen is dit jier sawat gelyk bleaun. Gastâlders dogge ek mei.

Dit jier binne der mear as 18.000 Tomke-boekjes te plak brocht.

2015 wie it sânde jier fan strukturele subsydzje fan de Provinsje.

Ek dit jier wiene de úttearplaten in grut sukses en it meidwaen fan Skiermûntseach brocht ús oer it wetter.

De Kommisje Foarlêzen is sa as wenst al wer drok dwaande foar it kommende jier.

Kriten ynlage	2006	2007	2008	2009	2010	2011	2012	2013	2014	2015
Ljouwert	83		82	82	62	54	50	90	0	0
Easterwâlde	169	193	191	191	180	179	174	176	186	170
It Hearrenfean	280	265	240	242	248	250	270	270	250	250
De Lemmer	190	185	180	180	174	151	151	142	136	132
Trynwâlden	190	185	182	180	182	171	168	167	174	175
Drachten	<u>200</u>	80	<u>198</u>	<u>189</u>	<u>174</u>	<u>153</u>	<u>150</u>	<u>150</u>	<u>140</u>	<u>130</u>
	1210	1108	1073	1064	1020	958	963	995	886	857

Aldwâld, april 2016

Ut namme fan it bestjoer,

A.W.Wijbenga, foarsitter

K.Kuipers, skriuwer

Opmakke troch:

C.J.van der Woude-van der Schaaf, adm.